

Underwerpen Steatemark 5 april 2017
Lokaasje: bedriwsrestaurant, Provinsjehûs

16.00 – 18.00 oere

01. Fuortgongskontrôleramt ekonomy

In wichtich ûnderdiel fan it koälysje-akkoart fan 'e maitiid fan 2015 is it fuortsterkjen fan de ekonomyske struktuer fan Fryslân. Foar dy ambysje is it Beliedsbrief Ekonomy opsteld en oan Provinsjale Steaten foarlein. It beliedsbrief is troch Provinsjale Steaten op 24 febrewaris 2016 fêststeld. Troch de ferantwurdlik deputearre is dêrby tasein dat der in útstel foar in fuortgongskontrôleramt ekonomy komt dat foar beslútfoar ming oan Provinsjale Steaten foarlein wurdt. Dat útstel is no klear. It útstel toant hoe't de fuortgongskontrôle derút sjen sil en jout tagelyk in mjitting fan de situaasje fan de útfiering fan it beliedsbrief ein 2016.

02. Samenwerkingsoerienkomst Windpark Fryslân BV en provincie Fryslân

It kolleezje fan Deputearre Steaten is fan doel om in gearwurkingsoerienkomst mei it Wynpark Fryslân oan te gean. Dat is in privaatrjochtlike hanneling mei grutte gefolgen foar de provinsje. Dêrom moat it foarnommen beslút oan PS foarlein wurde. PS wurde no yn de gelegenheid steld om harren winsken en betinkings oan te jaan by it foarnimmen fan it kolleezje om op syn meast foar € 127 miljoen diel te nimmen oan it Wynpark Fryslân.